


Liturgy foar snein 30 augustus 2026
9.30 oere yn de Hoftsjerke fan Hurdegaryp
Foargonger: ds. Veltman



Oargelspyljen foar de tsjinst

De tsjerkeried komt binnen
Wolkom en meidielings troch tsjinstdwaand
amtsdrager.

Begjinliet Liet 212: 1, 2, 3 en 4
'Lit ús mei sangen dizze dei ûntfange'




1 Lit ús mei san-gen diz-ze dei ûnt-fan-ge!



Dat wy de Skep-per mei ús lie-ten priiz - je



no't wy ús tank-ber oer syn ljocht fer - bliid-zje.



Loov-je de Hea - rel!

2 Hy dy' t de grûn is / fan al wat ús jûn is
en dizze nacht in earm wie om ús hinne,
ropt ús no fleurich nei de earste sinne.
Loovje de Heare!

3 ' t Is troch syn segen / dat wy ús bewege,
dat hannen wurkje en dat fuotten rinne
en wy mei hert en mûle sjonge kinne.
Loovje de Heare!

4 Oarsprong fan ' t goede, / Jo dy' t ús behoeden,
stean elke nacht en dei dat wy hjir binne
mei al jo geunst en goedens om ús hinne.
Loovje de Heare!

Momint fan ynkear
Votum en Groet

Sjonge Liet 212: 5

5 Hear fan omhegen, / wit fan al ús wegen.
En mochten wy ferkearde paden kieze,
wol ús dan noch net út it each ferlieze.
Loovje de Heare!

Ynliedend wurd

Begjingebed

Lofliet Liet 217

'Mei ' t Wurd fan God kin no de dei begjinne'



1 Mei 't wurd fan God kin no de dei be-gjin - ne;
krêft ha wy ne - dich, ljocht fan diz - ze sin - ne.
Boar-ne dêr't wy it lûd al fan fer-nim - me,
ier yn 'e moarn-tiid.

2 Hy hat ús roppen foardat wy bestiene,
ear' t wy foar ' t earst de eagen iepen diene
hat Hy ús sjoen en mei-inoar feriene,
God, dy' t ús Heit is.

3 Jo hawwe ús skepen, Jo bestjoere ús gongen,

hertslach en azem hawwe wy ûntfongen,
lân dêr' t wy wenje, ljocht dêr' t wy fan sjonge,
oarsprong en takomst.

4 Woll' Jo ús hjoed en hjirnei alle dagen
suverje yn ús hâlden en ús dragen,
dan stiicht de freugde fan jo wolbehagen
heech op fan de_ierde.

5 Gloarje de Heit, Him jouwe wy de eare,
tank oan de Soan, Hy woe by ús ferkeare,
hulde de Geast, mei Hy ús liede_en leare
oant alles nij is.

Gebed fan de snein (by de iepening fan it Wurd)

1^e Skriftlêzing Jesaja 56: 1 – 7

Sjonge Liet 992

'Wat wol de Hear noch mear fan ús'

1^e kear: oargel,

1^e kûplet: solo predikant,

2, 3 en 4: allegear

1 Wat wol de Hear noch mear fan ús

as dat wy earlik en trou op
de wei gear fan ús God?

2 Wat wol de ierde mear fan ús
as dat wy tsjinje en hoedzje
as minsken nei Gods byld?

3 Wat wolle minsken mear fan ús
as dat wy brekke en diele
allyk ' t ús it foardien is?

4 It is de Geast dy' t ús beweecht
Gods wil te dwaan en te soargjen
foar al wat libje mei.

2^e Skriftlêzing Mattheüs 15: 21 - 28

Sjonge Liet 339 A 'Jo komt de lof ta'

1^e kear: oargel,

2^e kear: solo predikant,

3^e kear: allegear




Preek

Sjonge Liet 647 'Foar minsken dy' t namleas..'

1^e kear: oargel,

1^e kûplet: solo predikant,

2, 3 en 4: allegear



1 Foar min-sken dy't nam-leas,
 kwets-ber en war-leas
 troch it lib-ben gean,
 ûnt-springt hjir in boar-ne,
 klinkt wer har nam-me:
 nij wur-de wy neamd.

2 Foar minsken dy' t roppend,
 sykjend en klopjend
 troch it libben gean,
 ferskynt hjir in stimme,
 brea om te nimmen:
 wy kinne bestean.

3 Foar minsken dy' t hifkjend,
 wachtsjend en wifkjend
 troch it libben gean,

wjerklinke hjir wurden,
treastfolle wurden:
God wol ús ferstean.

4 Foar minsken dy' t hoopjend,
amper noch leauwend
troch it libben gean,
werskept God de Heare
Adam mei eare:
wy binn' nei him neamd.

Evt. pastorale meidielings

Tankgebed - foarbeaen - stil gebed – mienskiplik 'Us
Heit'

Us Heit yn ' e himel,
lit jo namme hillige wurde.
Lit jo keninkryk komme.
Lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn ' e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea.
En ferjou ús ús skulden

sa' t wy ús skuldners ek ferjûn ha.
 En bring ús net yn fersiking,
 mar ferlos ús fan ' e kweade.
 Want jowes is it keninkryk en de krêft
 en de hearlikheid yn ivichheid. Amen.

Kollektes

Einliet Liet 304

'Sjong fan de Heit, Hy dy' t yn' t grut begjinnen'

1 Sjong fan de Heit, Hy dy't yn 't grut be-gjin-nen
 de min-sken skoep, de bis-ten en de din-gen,
 hi-mel en ier-de, wol Him hul-de brin-ge:
 hâld Him yn ea-re!

The musical score is written on four staves. The first staff begins with a treble clef and a key signature of one sharp (F#). The melody is simple and hymn-like. The lyrics are written below the notes. The second staff continues the melody and lyrics. The third staff continues the melody and lyrics. The fourth staff concludes the phrase with a double bar line.

2 Sjong fan de Soan, it ljocht dat ús skewielet,
 boarne fan lok foar wa' t syn wurd besielet,

gean ôf op Him, de stjer dy' t oer ús strielet:
hâld Him yn eare!

3 Sjong fan de Geast, de azem fan it goede,
duorsume krêft dy' t ús sa lang al noede.
Wêr' t wy ek gean, wy binne yn syn hoede:
hâld Him yn eare!

Sinding en Seine
beantwurdzje mei Liet 421 'Frede foar dy, frede foar
dy'

